

## Útnûging

# D.A. Tamminga Priis 2017

Graach sjogge wy jo kommen op freedtemiddei 30 juny, om 16.30 oere by Tresoar, Gysbert Japixcseal, Bûterhoeke 1, Ljouwert wannear't de D.A. Tamminga Priis foar de twadde kear útrikt wurde sil, dizze kear foar:

it bêste Fryske poëzij debút sûnt 2012

Geart Tigchelaar krijt de priis foar syn geve en spannende debútbondel

## *“Leech hert yn nij jek”*

*De D.A. Tamminga Priis is ornearre foar Fryske literêre debuten, om bar foar proaza en poëzij. It bedrach dat der mei anneks is bedraacht € 3.000. De Stichting FLMD kin de priis útrikke tanksij it 'Tamminga-Piebinga' fûns. It inisjatyf foar de priis naam de stichting doe't de Provinsje Fryslân har debutantepriis (de 'Fedde Schurer Priis') ôfskaft; foar in kwetsbere literatuer as de Fryske binne debuten lykwols fan grut belang. Eardere priiswinners fan sawol de Fedde Schurer Priis as de D.A. Tamminga Priis binne fansels allegearre útnûge foar dizze feestlike útrikking.*

*De sjuery bestie út Jacobus Smink, Albertina Soepboer en Elske Kampen.*

Jo binne frij om mei te nimmen wa't jo wolle. Graach al even yn 't foar jo komst melde by Lysbert Bonnema fan Tresoar. ([Lysbert.Bonnema@tresoar.nl](mailto:Lysbert.Bonnema@tresoar.nl))

Foar de Stichting FLMD,

Willem Verf,  
foarsitter

Útjouwerij Hispel sil soargje dat der foldwaande eksimplaren fan de priiswinnende bondel te keap binne. Útjouwers en auteurs fan oare poëzij-debuten dy't tusken 2012 en april 2017 ferskynden, binne frij om dy bondels te keap oan te bieden by dizze gelegenheid. Elske sil yn har sjueryferslach ek op ferskate fan dy debuten yngean.

## It program

It program fan de middei sjocht der sa út:

- 17 oere wurd fan wolkom
- Elske Kampen fertelt oer de befiningen fan de sjuery
- Oerlangjen fan de oarkonde
- Reaksje fan Geart Tigchelaar
- Optreden fan de 'Tigers fan Greonterp'
- Ôfsluting fan it formele part
- Gelegenheid om Geart te lokwinskjen
- Neisit mei lekker drinken, in flaubyt en romte foar bygelyks besteklik ynformeel petear oer it ferline, it heden en de takomst fan de Fryske skriuwerij